BASISBOEK



STREEK TROUDE SEE

Tekst: Bureau Cassandra Carmio, Amersfoort

Grafyske foarmjouwing: Grafisch ontwerpburo 'De Zaak', Rudolf Martin , Lelystêd

Dit boek is ta stân kommen yn in gearwurkingsprojekt fan:
Suderseemuseum, Inkhuzen
www.zuiderzeemuseum.nl
Kazemattenmuseum, Koarnwettersân
www.kazemattenmuseum.nl
Nieuw Land Erfgoedsintrum, Lelystêd
www.nieuwlanderfgoedcentrum.nl
Rykswettersteat Tsjinst Iselmargebiet, Lelystêd
www.rijkswaterstaat.nl

By it 75-jierrich bestean fan 'e Ofslútdyk.

Mei tank oan 'e Iepenbiere Basisskoalle De Tweemaster, Inkhuzen en it Martinuscollege, Grootebroek

Mei stipe fan de Mondriaan Stichting, Stimulearringsfonds foar de byldzjende keunst, foarmjouwing en kultureel erfgoed en it Fonds foar Amateurskeunst en Poadiumkeunsten.

De útjouwer hat der nei stribbe de rjochten oangeande de yllustraasjes neffens de wetlike bepalingen te regeljen. Dyjingen dy't nettsjinsteande miene beskate rjochten jilde kinne te litten, kinne har altyd by de útjouwer melde.

* Dizze útjefte is it resultaat fan in gearwurkingsferbân tusken Suderseemuseum Inkhuzen, Kazemattenmuseum Koarnwertersân, Nieuw Land Erfgoedsintrum Lelystêd en Rykswettersteat Tsjinst Iselmargebiet Lelystêd.

Ynhâldsopjefte

Side

Ynlieding
Streek troch de see **4**

Haadstik 1
De Ofslútdyk; hoe en wêrom **6**

Haadstik 2
De weiwurden wrâld **13**

Haadstik 3
De Ofslútdyk as ferdediging **22**

Haadstik 4
De nije wrâld **27**

Haadstik 5
De Ofslútdyk en de takomst **33**

Ynlieding

De Ofslútdyk

Hy is 32 kilometer lang en 90 meter breed.
Hy ferbynt de kusten fan Noard-Hollân en Fryslân.
Hy makket in skieding tusken it wetter yn it Waad en de Iselmar.
Hy beskermet en ferdediget.

Op 28 maaie 1932, om 13.02 oere, is it safier: de Sudersee wurdt Iselmar. It lêste gat yn 'e Ofslútdyk is tichtmakke. Oerstreamingen binne foargoed foarby. Wy feie in trien fuort om de ferlerne Suderseewrâld. En sjogge út nei nij fruchtber lân yn 'e polders. Wat sil de takomst bringe…?

Oer dizze **'Streek troch de see'** giet dit projekt.

Foardatst dit Basisboek yndûkst kinst de DVD besjen dy't by dit projekt heart. Flean, fyts en ryd mei oer de Ofslútdyk en de Iselmar. Meitsje in syltocht en swim yn it wetter fan 'e Iselmar, dat earder de Sudersee wie.

Besykje ris te betinken hoe't it wie sûnder dizze dyk… en fantasearje mei oer de takomst.

Wêrom waard de Ofslútdyk boud? Wie dat wol nedich? En koenen wy dat wol, bouwe yn 'e see? Hoe hawwe wy dat dien? Wêr moasten wy allegearre om tinke? Fiel de stoarm dy't waaide yn 1916 en bou mei oan de takomst yn **Haadstik 1.**

Yn **Haadstik 2** geane wy de Twadde Wrâldoarloch yn. De Ofslútdyk as ûnderdiel fan ferdediging tsjin de Dútsers. Tink derom dat de dyk en de slûzen net yn hannen fan 'e fijân falle! Lit oars it lân in bytsje ûnder wetter rinne. Betink dat je in kanon betsjinje yn in kazemat. Wat is in kazemat?

In wrâld waard wei yn **Haadstik 3**. Far mei de fiskers oer de Sudersee. Tink dy ris yn hoe't it wie yn earder tiden. Yn 'e havens fan 'e Suderseedoarpen. Wiesto ek gien te fiskjen? En soesto de flagge healstok hingje litte omdat it lêste gat yn 'e Ofslútdyk tichtmakke waard?

Der is in kâns dat dêrsto wennest froeger wetter wie. Datst libbest op nij lân. Gean de polder yn. Bewurkje it lân. Wa sille dêr wenje en wêr? **Haadstik 4** fertelt dy mear.

De seespegel komt omheech. Hoe hâlde wy droege fuotten? En wolsto wenje op 'e Ofslútdyk of him ôfbrekke? Wylde plannen foar de Iselmar en de Ofslútdyk. **Haadstik 5** giet oer fierder sjen as hjoed. Grutter en breder. Kinsto de takomst foarsizze?

By dit Basisboek mei ynformaasje oer de Ofslútdyk heart ek in Wurkboek. Dêr steane fragen en opdrachten yn dy't by dit Basisboek hearre. Mar dat wol net sizze dat alle antwurden dêryn steane. Do moatst sels ek sykje op ynternet en yn boeken. Ek in besite oan in museum heart derby.
Dêr kinst mear sjen en belibje oer de **Ofslútdyk.**

Haadstik 1

De Ofslútdyk; hoe en wêrom

Ofsluting fan 'e Sudersee

It is sneon 28 maaie 1932.
Sa'n trijehûndert skippen lizze
te wachtsjen
oant de lêste sân meter fan 'e
Ofslútdyk
tichtmakke wurde sil.
Om healwei ienen jout in
stoomfluit it sinjaal.
In koarte taspraak wurdt
hâlden.
Dêrnei is it safier.
De kranen mei de gripers
komme yn beweging.

'De gripers smite it taaie balstienliem yn 'e brûzjende stream. Noch seis, noch fjouwer, noch twa meter… As it lêste balstienliem it gat tichtmakket sjocht elkenien op syn horloazje en loeie de stoomfluiten: 13.02 oere, de striid is striden.'



De Sudersee is Iselmar wurden.

De Sudersee

Yn 'e Sudersee wie it wetter yn it noarden sâlt en yn it suden swieter troch it wetter fan 'e Isel dat de Sudersee ynstreamde. It sâltgehalte wie op in soad plakken dus wikseljend. Ek wie der eb en floed; opkommen en sakjen fan it wetter.
By de kust lâns leinen ferskillende soarten diken om it lân te beskermjen. Lykas wierdiken: makke fan rigen stevige peallen en seegers.

De Sudersee koe flink te kear gean en gefaarlik wêze. Soms brieken diken troch en oerstreamden lân en doarpen. De minsken rekken har rispinge en huzen kwyt.
Ek binne op see in protte skippen en libbens fergien.

Plan fan Lely

Yngenieur Lely (letter minister fan Wettersteat) makke al yn 1891 in plan om de oerstreamingen tsjin te gean. Hy woe de Sudersee ôfslute mei in lange dyk fan Noard-Hollân nei Fryslân: de Ofslútdyk. Troch it plan fan Lely soe de sâlte Sudersee feroarje yn 'e swiete Iselmar.



Lely wie net de earste man dy't in plan betocht om de Sudersee ôf te sluten. Al yn 1667 tocht de gelearde Hendrik Stevin nei oer in daam. Mar yn dy tiid koenen de lju dat technysk noch hielendal net meitsje.

It plan fan Lely om de Sudersee ôf te sluten hie in protte foardielen:

- ynstee fan sâlt wetter út de Noardsee rint swiet wetter fan 'e Isel yn 'e Iselmar. Dat swiete wetter wurdt brûkt as drinkwetter.

- de wetterstân kin goed op peil hâlden wurde sadat de kâns op oerstreamingen ôfnimt.

- de kustline fan Nederlân wurdt folle koarter. Dat hâldt yn dat it ûnderhâld fan 'e diken as seewarring fan sawat trijehûndert km nei fiifenfjirtich km giet.

- yn 'e Iselmar wurde polders droechlein foar lânbou en nij wengebiet.

- de oanlis fan 'e nije polders smyt in soad wurkgelegenheid op.

Tsjinstân en neidielen

De measte fiskers fan 'e havens oan 'e Sudersee fûnen de plannen mar neat. Se soenen har wurk kwytreitsje. Wol soenen se fan 'e regearing jild krije foar ferlies fan ynkommen. En se koenen begjinne te fiskjen op 'e Noardsee of oar wurk sykje. Mar tsjinstanners fan 'e ôfsluting hienen mear twifels: wie de ôfsluting technysk wol mooglik? Soe it net tefolle komme te kostjen? Soe de ekonomy dêrtroch ferbetterje?

Fertraging

De regearing wurke in skoft net bot oan it plan-Lely mei. Meardere kearen waarden tusken 1901 en 1907 wetsfoarstellen yntsjinne. Mar by oantreden fan nije regearingen waarden dy wer ynlutsen. It útbrekken fan 'e Earste Wrâldoarloch yn 1914 jage de boel ek yn 'e bulten.
Ek hie it Ministearje fan Oarloch fan it begjin fan 'e 20ste ieu ôf al beswieren tsjin de Ofslútdyk: oer de dyk koe de fijân hiel maklik yn Noard-Hollân komme.
En omdat der al in moai skoft gjin oerstreamingen west hienen, wie de ôfsluting fan 'e Sudersee neffens guon net echt nedich.

Mar yn 'e de nacht fan 13 op 14 jannewaris 1916…

…raasde in stoarm oer de Sudersee dy't it wetter opswypke oant wol trije meter boppe NAP (Normaal Amsterdams Peil). De diken bejoegen it.
It eilân Marken en it doarp Spakenburch waarden swier troffen.
De hiele Spakenburchske fiskersfloat sloech los yn it haventsje en raamde de houten huzen yn it doarp. De enoarme skea en it ferlies fan minskelibbens soargen derfoar dat de regearing doe it beslút naam om it plan-Lely út te fieren.

Suderseewet

It plan-Lely waard yn 1918 troch de Twadde en Earste Keamer oanfurdige en opnommen yn 'e Suderseewet. Dêr stie ek yn dat der in aparte wet oer de Ofslútdyk as ferdedigingsliny komme soe. De Suderseewet stelde dat de Ofslútdyk belangryk wie foar de ferbining tusken it westen en it noarden fan Nederlân. Op 'e dyk soenen in spoarline, in fytspaad en in autodyk oanlein wurde.



683

STAATSBLAD
VAN HET
KONINKRIJK DER NEDERLANDEN.

(N°. 354.) *WET van den 14den Juni 1918, tot afsluiting en droogmaking van de Zuiderzee.*

Wij WILHELMINA, BIJ DE GRATIE GODS, KONINGIN DER NEDERLANDEN, PRINSES VAN ORANJE-NASSAU, ENZ., ENZ., ENZ.

Allen, die deze zullen zien of hooren lezen, saluit! doen te weten:

Alzoo Wij in overweging genomen hebben, dat de afsluiting van de Zuiderzee en de droogmaking van gedeelten binnen die afsluiting in 's lands belang door het Rijk behooren te worden ondernomen;

Zoo is het, dat Wij, den Raad van State gehoord, en met gemeen overleg der Staten-Generaal, hebben goedgevonden en verstaan, gelijk Wij goedvinden en verstaan bij deze:

Artikel 1.

Op nader door Ons of van Onzentwege vast te stellen wijze, worden voor rekening van den Staat:

A. de werken uitgevoerd, noodig;

1°. tot afsluiting van de Zuiderzee door een afsluitdijk, loopende van de Noordhollandsche kust door het Amsteldiep naar het eiland Wieringen en van dit eiland naar de Friesche kust ~~bij Piaam~~; benoorden Piaam.

2°. voor de droogmaking van gedeelten van de af te sluiten Zuiderzee;

3°. tot voorziening in de belangen van waterkeering, afwatering en scheepvaart, voor zooveel deze door de afsluiting en de droogmaking geschaad worden;

B. de maatregelen getroffen en de werken uitgevoerd, noodig tot voorziening in de belangen van de landsverdediging, in verband met de onder *A* bedoelde werken.

Oan 'e slach

It Suderseeprojekt begûn mei de oanlis fan in dyk tusken Noard-Hollân en it eilân Wieringen. Op 29 juny 1920 waard de earste grûn foar dy dyk yn it Amsteldjip stoart. Begjin jierren tweintich fan 'e foarige ieu wie der fertraging ûnder de bou omdat der in ekonomyske krisis hearske. De bou fan 'e Amsteldjipdyk gie lykwols gewoan troch en wie yn 1924 klear.

De ynpoldering fan 'e Sudersee rûn ek fertraging op. Wol waard yn 1926 alfêst in proefpolder by Andyk oanlein, om te sjen hoe't je sa'n polder no it bêste meitsje en ynrjochtsje kinne. In jier letter begûn de oanlis fan 'e Wieringermarpolder. Dy polder foel yn augustus 1930 droech. De Ofslútdyk wie doe noch net klear.

Yn 1927 waard begûn mei de bou fan 'e Ofslútdyk. Dy wie yn 1932 klear, folle earder as ferwachte. Alles wat de yngenieurs en dykbouwers by it bouwen fan 'e Amsteldjipdyk leard hienen, brûkten se foar it bouwen fan 'e Ofslútdyk. Op ferskillende plakken waard tagelyk oan 'e Ofslútdyk wurke. Dat waard dien fan 'e kant fan Fryslân en Noard-Hollân ôf en fan spesjaal makke eilannen dêr tuskenyn, Breesân en Koarnwertersân.

Bouwen fan 'e dyk

Under it wetter waard sloppe klaai of waarden feanlagen weibaggere. Dêr kaam sân foar yn 't plak. Dat foarme in stevige ûndergrûn. Op 'e boaiem kamen matten fan flochten wylgetûken mei grutte stienblokken (sinkstikken) dêrop. Dêroerhinne waard balstienliem stoart en waarden twa dammen boud. De tuskenromte waard mei sân opfuld. Dêroerhinne waard opnij balstienliem stoart. Op 'e skeane kant fan 'e dyk waarden grutte stiennen lein op in ûnderlaach fan strie om de dyk tsjin wetterslach te beskermjen. Yn 'e dyk waarden houten skudden set om de stiennen te steunen. Boppe-op waard de dyk ôfdutsen mei klaai dêr't letter gers op groeie soe.

Balstienliem



Under it baggerjen fan klaai yn 'e Sudersee waard ûntdutsen dat yn 'e boaiem in soad balstienliem siet. Dat is folle steviger en sadwaande better bestân tsjin wetter en sterke streamingen as gewoane klaai. Dat balstienliem waard brûkt foar de oanlis fan 'e Ofslútdyk. It wurkjen gie dêrtroch ek in stik hurder. It lêste stik wie dreech, omdat de kracht fan it wetter dat it gat yn- en útstreamde, sterker wie as dêr't op rekkene wie. Der waarden sâneneintweintich baggerskippen, trettjin kranen en hûnderttritich driuwbakken ynset. Dei en nacht wurken de arbeiders troch.

Oer de dyk

Grietje Bosker tilde har rokken op, heger as har ûnderbroek, en mei in pear dykwurkers gie hja as earste oer de dyk fan Noard-Hollân nei Fryslân.

It wie in frjemd foarfal. De stoomkranen hienen it lêste gat tichtstoart, de stoomfluiten bliezen en it Wilhelmus wie krekt ynset. Under it each fan in protte belangrike lju - lykas yngenieurs en politisy - en kamera's, wrotte in jonge frou mei bemoddere kûten troch de klaai. Se wie de earste.
Grietje Bosker út Hippolytushoef, tritich jier âld en suster fan ûndernimmer en oannimmer Okko Bosker, waard dêr ferneamd troch. Nei Grietje wie de wei oer de dyk yn 1932 allinne iepen foar ûnderhâld oan 'e dyk en foar lokaal ferkear. Yn 1933 gie de Ofslútdyk iepen foar auto's, fytsers en kuierders.

De hichte fan 'e dyk is 7,5 meter boppe NAP (Normaal Amsterdams Peil). De breedte ûnder wetter is 90 meter en de lingte 32 kilometer. De Ofslútdyk koste 120 miljoen gûne.

Wenjen en wurkjen

De tûzenen arbeiders fan 'e Ofslútdyk wennen by har wurk. Se sliepten yn âlde boaten en barakken.
It wie in hurd en swier bestean, mar se fertsjinnen mear as mei oar wurk. Ynstee fan 14 gûne soms wol 45 gûne yn 'e wike. De skippers dy't materiaal ferfierden wurken lang troch. Foar de dykwurkers wie it bealgjen.

In soad arbeiders wennen yn in keet. Dat wienen eins hokken dêr't plak wie om te sliepen en dêr't in romte wie om klean te droegjen en om te iten. Faak wennen der mear gesinnen yn ien keet en wie der in keetbaas. Dy soarge ek foar gesellichheid en drank. De alkohol wie faak in probleem. Der waard besocht om alkoholmisbrûk tsjin te gean.

Want nei it wurk ferfeelden in protte arbeiders har o sa en waard der in soad sûpt. Jûnen mei lêzingen, films, dûnsjen en optredens fan artysten waarden organisearre om de minsken te fermeitsjen. Ek wienen der boeken en tydskriften te krijen.

Brêgen en slûzen

Foar it autoferkear kamen der draaibrêgen. Yn 'e Ofslútdyk wienen slûzen nedich dy't wetter út de Iselmar nei it Waad pompe koenen, spuien neamd. Spuislûzen binne iepeningen yn 'e dyk dy't mei skuven iepen en ticht kinne. Mei dy slûzen kin de wetterstân op 'e Iselmar regele wurde.

Fia skutslûzen moasten skippen trochlitten wurde. By Den Oever yn Noard-Hollân waarden fiif spuislûzen en ien skutslûs oanlein. Dy hite de Stevinslûzen, ferneamd nei Hendrik Stevin, de gelearde dy't as earste yn 1667 in plan foar de daam betocht.

Koarnwertersân (Fryslân) hat tsien spuislûzen en twa skutslûzen, de Lorentzslûzen.
Lorentz wie in belangrike professor dy't de wetterhichten en streamingen en dykhichten berekkene en foarsei. Hy soarge der ek foar dat de dyk wat noardliker kaam te lizzen. De dyk soe earst rjochtstreeks nei it doarpke Piaam rinne. Mar dêr lei sachte feangrûn ûnder it wetter. Dat wie gefaarlik foar de swiere slûzen.
It ûndersyk fan Lorentz hat hiel wichtich west en is dat noch altyd foar de takomstige wetterwurken yn Nederlân.

Monumint

Op it plak dêr't mei it lêste balstienliem de dyk tichtmakke waard, is in keunstwurk kommen.
Dat monumint is ûntwurpen troch de ferneamde architekt Dudok. It is makke fan beton en hiel ljocht fan kleur. It bestiet út in toer dy't fiifentweintich meter boppe de seespegel útkomt. Fan dy toer ôf kinst op seis meter hichte oer de Iselmar sjen. Op achttjin meter hichte boppe de seespegel kinst it Waad pas sjen.

'In folk dat libbet bout oan syn takomst'

De byldhouwer Hildo Krop hat in keunstwurk makke.
Trije stiensetters ferbyldzje de arbeid fan it Nederlânske folk

Afsluitdijk

Vanuit IJsland zwom eens
een jonge zaagwolvin
de wijde wereld in

zover haar vinnen konden dragen
op de golven van de zee
naar Kopenhagen

ze kuste de kleine zeemeermin
en schoot door 't zoute sop
zigzag de haven bij Texel in

daar zag ze in de verte 't bruine slijk
van de nog steeds niet dichte
lange Afsluitdijk

water stroomde uit een gat
een dichter, die daar eenzaam zat
kon niet dichten, werd zo nat

toen heeft ze van wrakhout
met haar eigen zaag
een echte sluis gebouwd

de dijk was nu toch dicht
weer zwom de zaagwolvin
de wijde wereld in...

Alie Jankind,
15 mei 2007

Haadstik 2

De weiwurden wrâld

It gie al net sa goed mei de Suderseefiskerij…
De oanlis fan 'e Ofslútdyk betsjutte de ein.
In wrâld waard wei, foargoed…

Hannel oer see

Nederlân wie in wiet lân. Der wienen hast gjin wegen, mar wol in soad kanalen en fearten. It ferfier fan guod waard dien mei sylskippen. Hûnderten jierren lang farden skippen oer de Sudersee. Dat wie in iepen ferbining nei de Noardsee en oare wrâldseeën. Al oan 'e ein fan 'e 16de ieu gienen de earste Amsterdamske skippen nei East Ynje.

Der ûntstie in belangrike hannelsfeart dêr't de Feriene East Yndyske Kompanjy (Verenigde Oost-Indische Compagnie-VOC) út fuortkaam. De skippen hellen yn it Easten ferskillende produkten, lykas side, kofje, tee, sûker en speserijen. Wichtich yn dy tiid wienen de Hanzestêden. Havenstêden sa as Kampen en Hurderwyk hearden ta de Hanze*.

** In Hanze wie in gearwurking fan in groep keaplju. Troch dat meïinoar oparbeidzjen besochten se har hannel te beskermjen en út te wreidzjen. Der wienen ferskillende Hanzen. De Dútse Hanze wie de belangrykste en bekendste, en wurdt faak de Hanze neamd.*

Der wienen ek hannelers dy't har iel ferkochten yn Londen. Walfiskfarders gienen nei Grienlân. Oare keaplju farden nei de Eastsee en kochten dêr hout en nôt. Dêrmei sylden se nei Spanje en Portugal. Se namen sâlt en wyn mei werom nei Nederlân en ferkochten dat sâlt oan de fiskers. Dy brûkten dat om hearring rypje te litten en goed te hâlden. It hichtepunt fan de hearringfiskerij wie om 1630 hinne.

De fiskers hellen de yngewanten út de hearring en bewarren de hearring yn it sâlt yn in houten fet. Hoe mear sâlt se brûkten hoe langer de hearring rypje koe. Allinne smakke dy hearring oars as de hearring sûnder sâlt. Dêrom ieten se der in fyn snipele sipel by.

Hichtepunt Suderseefiskerij

De Sudersee wie wol altyd slim te befarren foar grutte skippen. Doe't it Noard-Hollâns kanaal groeven waard yn it begjin fan 'e 18de ieu, waard de Sudersee net mear troch hiele grutte skippen brûkt.

De Suderseefiskers bleauwen wol mei har lytsere boaten. Dat wienen boaten mei platte boaiems, omdat de Sudersee op in protte plakken net mear as trije meter djip wie. Fiskers moasten útsjen foar ûndjipten en sânplaten. Se fertsjinnen har brea mei it fangen fan iel, ansjofisk, hearring, bot en spjirring. Op it hichtepunt fan 'e Suderseefiskerij om 1900 hinne, farden dêr wol fyftjinhûndert skippen.

In goed fiskjier wie de perioade dat in soad ansjofisk fongen waard. De ansjofisk waard ynsâlte yn fetten en moast rypje. De ansjofisk bleau lange tiid bewarre en dêrtroch hieltyd lekkerder. Mar de lju dy't dêr feitliken in bulte oan fertsjinnen wienen de hannelers. As der minne fangstjierren wienen, koenen de hannelers de ansjofisk djoer ferkeapje.





Libben oan 'e Sudersee om 1900 hinne

Om de Sudersee hinne wienen in soad lytse havenplakjes, lykas Starum, Warkum, De Lemmer, Makkum, Elburch, Monnickendam, Marken en Huzen. Dêr leinen de fiskersskippen en de hannelsskippen.

De fiskershúskes stienen ticht byinoar op de droechste stikken grûn. Dat wienen lytse wiken dêr't elkenien inoar koe en faak holp. Mei de fiskerij kaam der ek oare bedriuwichheid. Yn 'e havens by de Sudersee lâns waarden skippen boud. Op de lynbaan waard tou slein. Der ûntstienen seilmakkerijen en houtseachmûnen. De fiskers hienen netten nedich en tûnen om alle hearring en ansjofisk yn te dwaan. It wie drok by de Sudersee en elkenien fertsjinne dêr jild.

Yn 'e lytse haventsjes leinen skipkes en wienen manlju en froulju mei de netten yn tou. Op 'e skipshelling klonk it gehammer, touslaggers wienen netten oan it fervjen yn grutte tsjettels. Ut de skoarstiens kringele reek fan de rikkerijen.
De fiskers fan it doarp bleauwen de hiele wike op see. Yn 'e skippen farden meastentiids allinne in skipper en in feint. Yn har skipkes sieden se iten, ieten se en sliepten se. Sneons gienen se nei hûs om de fiskfangst te lossen en sneins sieten se yn 'e tsjerke.

De fiskerij wie in bedriuw dat hieltyd feroare. Tiden fan goede en minne fangsten en minne en goede prizen wikselen inoar ôf. Dêrtroch libben fiskers geregeldwei yn earmoed en koenen se net allinne fan 'e fiskerij bestean. De froulju hienen neist har húshâldlike taken meastentiids noch oar wurk. Sa arbeiden se bygelyks yn 'e rikkerijen of se ferkochten fisk. Ek de bern moasten wurkje om oan it ynkommen fan de húshâlding by te dragen.



Dracht/klaaiïng

Koest oan de bewenners sjen wêr't se wei kamen. Froeger tochten de minsken dat de Marker manlju yn har ûnderbroek op it lân oan it ûngetiidzjen wienen. Mar dat wie hielendal net wier. Se hienen har simmerklean oan, wide wite linnen broeken. Dat is mar ien foarm fan klaaiïng út fiskersplakken om de âlde Sudersee hinne. Want elk plak hie in eigen dracht mei eigen kleuren en eigenaardichheden. Klaaiïng wie in taal. Troch de wize fan klaaien waard wat ferteld.

Op Marken waard in soad omtinken oan de klean jûn. It kostúm bestie út in protte losse ûnderdielen. Al dy ûnderdielen waarden mei de hân makke. Alle stikken klean waarden ôfwurke mei bannen en rânen en dy hienen stik foar stik in betsjutting. Koest bygelyks sjen oft ien yn 'e rou wie. Of hoe âld ien wie. Hiest de deiske klean, sneinse dracht, mar ek de ferskillende klean foar ferskillende feesten. En der wie ek noch ferskil tusken simmer- en winterklean.

In soad fiskerslju droegen in wide broek, sadat se har maklik op 'e boat bewege koenen. De jas hie strakke mouwen sadat se nergens achter heakjen bleauwen. By min waar hie de fisker oaljeguod en wettertichte learzen oan. Op in protte ôfbyldingen kinst je goed sjen dat it fiskers binne dy't derop stean.

De weiwurden wrâld yn byld

Yn 'e 19de ieu fûnen in soad keunstners ynspiraasje yn 'e fiskershaventsjes en doarpen oan 'e Sudersee. Folendam, Marken, Inkhuzen, Urk en oare plakken waarden in soad besocht. Mei pinseel of kamera waard it libben fan 'e fiskers fêstlein. It like as wie de tiid dêr stilstean bleaun. De klaaiïng, de houten húskes en fiskersboaten wienen noch net oantaast troch de moderne tiid.

It libben yn Urk, Folendam en Marken gie om de fiskerij. Der wie mar in bytsje lânbou, allinne Marken hie wat healannen. Jong en âld wurken mei yn 'e drokke fisktiid. Jonges learden it fak wannear't se njoggen of tsien jier wienen. En ek âlde manlju, fan soms wol fiifensantich jier, gienen noch mei de see op om hearring te fangen. De keunstners fûnen dat hurde wurkjen in romantysk ûnderwerp. Se reizgen by de lytse doarpkes en de eilannen mei de behindige húskes lâns. Se skilderen hoe't de fiskers meïinoar oparbeiden en meïinoar libben. Mar ek it hurde wurkjen en de lytse huzen, dêr't it yn 'e winter donker en kâld wie, ferivigen se op it doek.

Hotel Spaander

Yn Folendam wie oan 'e bûtenkant fan 'e dyk Hotel Spaander boud. Leendert Spaander kaam yn 1881 yn it hotel en hy koe in soad bûtenlânske keunstskilders dy't dêr sliepten. Hotel Spaander makke gâns reklame foar it 'keunstnersdoarp' Folendam. Keunstners wienen optein en moeten inoar dêr. Yn it hotel wie in protte skilderkeunst te sjen. No ek noch. Hotel Spaander hat mear as tolvehûndert skilderijen fan ferneamde keunstners dy't faak betellen mei in skilderij.

Amerikanen

Yn it begjin fan 'e 19de ieu kamen Amerikanen nei Nederlân. It 17e ieuske Hollân dat de keunstners as ûnderwerp sochten, bestie net mear. Mar de gefolgen fan 'e opkommende yndustrialisaasje wienen yn 'e fiskersdoarpkes noch net grut: dêr wienen noch plakken út in foarige ieu te finen.

De kleurige klaaiïng, de houten húskes, de haven mei de hûnderten botters mei reade seilen, de see en it wide lânskip. Omdat de húskes te lyts foar de grutte gesinnen wienen, spile in grut part fan it deistich libben him bûtendoar ôf. It die bliken dat Folendam in oantreklik doarp wie foar Amerikaanske skilders, dy't dêr maklik út Amsterdam wei hinne reizgje koenen.

It wienen dus eins de keunstners dy't Folendam as earste 'ûntdutsen' hienen.
Sy joegen Hollân it byld mei fan mûnen, klompen en minsken yn Folendammer dracht. Yn boeken, kranten en tydskriften yn Europa en Amearika waard reklame makke foar it bysûndere karakter fan dit doarp oan 'e Sudersee.

Wrâldtentoanstelling

Oeral yn Europa waarden yn 'e 19de ieu folkskundige foarwerpen sammele. Op de Wrâldtentoanstelling yn 1887 yn Parys wienen in protte fan sokke foarwerpen te sjen. De klaaiïng út ferskillende lannen wie hiel belangryk. Der wie in tentoanstelling mei lju út Marken en fiskers út Skeveningen. Elkenien wie o sa entûsjast oer de Hylper keamer dy't ynrjochte wie. It publyk út it bûtenlân krige dus dat byld fan Nederlân foar eagen. Troch boeken en skilderingen fan bûtenlânske skilders waarden benammen Marken en Folendam in soad besocht, omdat de plakjes sa 'skilderachtich' wienen. Dêr gie it om.

De Ofslútdyk soe in ein meitsje oan dy wrâld, dy't faak troch de skilders romantysk ôfbylde waard. Mar net alles wie sa moai. Keunstners lieten in moaier byld sjen as it werklike libben oan 'e Sudersee.

Faak libben de Suderseefiskers yn earmoed. De gesinnen wienen grut en de huzen en de boaten lyts. As it stoarme gie de Sudersee wyld te kear. Huzen waarden by grutte stoarmfloeden fuortfage. Skippen kamen yn stoarmen telâne en in soad fiskers kamen noait werom. Troch de Ofslútdyk soe dat ek feroarje.

Healstok

In protte fiskers wienen poer op 'e ôfsluting tsjin omdat se har wurk ferlieze soenen. Doe't de Ofslútdyk tichtmakke waard, treuren de fiskers en hongen se de flagge healstok.

Mar it gie al folle earder min mei de fiskerij. Der hearske in soad earmoed. Fan 1890 ôf waard wurk yn 'e fiskerij al ôfwiksele mei wurk op it lân. Oan 'e kust fan 'e Sudersee waard hannel, transport, lânbou en greidbuorkerij belangriker as de fiskerij. Dat betsjutte dat it fiskersbedriuw achterút gie. Ek wie der hieltyd minder konkurrinsje, wat min wie foar de prizen en hannel fan fisk. Op 'e Noardsee gienen de fiskgrûnen achterút en Folendamske skippen wienen seeweardich genôch om fierder de Noardsee op te gean.

Uteinlik rûn de oanlis fan 'e Ofslútdyk út op de finale ein fan 'e Suderseefiskerij. In wrâld waard wei…

Ofskie

It sâlte wetter waard stadichoan swiet. Yn it swiete wetter fan 'e Iselmar koenen hearring en ansjofisk net libje. In protte fisksoarten, lykas de Suderseehearring, stoaren út.

De deade fisken begûnen te rotsjen en dat stonk ferskriklik. Yn 'e earste jierren wienen der ek enoarme miggepleagen. De huzen sieten dêr fol mei. Troch dy miggen waard it wetter o sa smoarch, it drinkwetter ek. Der kamen in soad spinnen dy't de miggen opite woenen.

De manlju moasten ôfskie nimme fan har netten en skippen. Sommige fiskers waarden ielfisker, want de ielfiskerij bleau bestean. Ek de Urkers gongen troch mei fiskjen. Mar de measten rekken sûnder wurk. De seilmakkers, nettebreiders, touslaggers en tûnemakkers hienen dêr gjin oanslach mear.
Se sochten oar wurk, bygelyks yn fabriken yn Saanstêd en Enskede. Ek fûnen guon wurk op stoomboaten op 'e Noardsee; oaren waarden plomfeehâlder of boer.

Yn 'e plakken om de Sudersee hinne waard it hieltyd stiller.
De skippen leinen te ferrotsjen yn 'e havens. It duorre lang foardat elkenien oar wurk fûn hie.



Zuiderzeeballade

Opa, kijk ik vond op zolder
Een foto van een oude boot
Is dat nog van voor de polder
Van die oude vissersvloot

Jochie, dat is een gelukkie
Ik was dat prentje jaren kwijt
Ik heb nu weer een heel klein stukkie
Van die goeie ouwe tijd

Daar is het water, daar is de haven
Waar je altijd horen kon: we gaan aan boord
De voerman laat er nu paarden draven
En aan de horizon ligt Emmeloord

Eens ging de zee hier tekeer
Maar die tijd komt niet weer
Zuiderzee heet nu IJsselmeer
Een tractor gaat er nu greppels graven
'k Zie tot de horizon geen schepen meer

Kijk die jongeman ben ikke
Ja, ikke was de kapitein
Hiero, en die grote dikke
Ja, dat moet Malle Japie zijn

Opa, en die blonde jongen
Vooraan bij de fokkeschoot
Opa, zeg nou wat, die jongen...
is je ome, die is dood

In 't diepe water, ver van de haven
In die novembernacht, voor twintig jaar
Door 't brakke water is hij begraven
Als ik nog even wacht zien wij elkaar

Toen ging de zee zo tekeer
In een razend verweer
Ongestraft slaat niemand haar neer
Nu jaren later hier paarden draven
Zie ik de hand en macht van onze Heer

Waar is het water, waar is de haven?
Waar je altijd horen kon: we gaan aan boord
De voerman laat er zijn paarden draven
En aan de horizon ligt Emmeloord

Eens ging de zee hier tekeer
Maar die tijd komt niet weer
't Water ligt nu achter de dijk
Waar eens de golven het land bedolven
Golft nu een halmenzee, de oogst is rijp

Willy v. Hemert & Joop d. Leur

Haadstik 3

De Ofslútdyk as ferdediging

'Wy lizze oan 'e Iselmar
Al moannenlang te wachtsjen;
De hiele wrâld dy giet te kear
Yn eangstige gedachten.
Wy sjogg' hjir alle dagen neat
As dyk en loft en wetter
In ink'le kear wol ris in fyts
Mar dochs sjonge wy letter:

earste kûplet Koarnwertersân,
tekst 'Egbo' Eg Bommerson út Saandam

Bron: Wikipedia

De Festing Hollân

Yn 'e Festing Hollân lizze belangrike plakken, lykas Amsterdam, Rotterdam en Den Haach. Ek de fleanfjilden, de seehavens en de Marinebasis Den Helder, it regearingssintrum en de legerlieding lizze binnen de Festing Hollân. Dêromhinne leinen ferdedigingslinys. In liny is in rige fan bunkers of bouwurken, sa as forten. Dy binne bedoeld om de grutte stêden te beskermjen tsjin in ynfal fan 'e fijân.

De Festing Hollân bestie út de 'Stelling fan Amsterdam' (fiifenfjirtich forten om Amsterdam hinne) en yn it noarden út de Stelling Den Helder, dêr't Koarnwertersân ek by hearde. Yn it easten waard it gebiet beskerme troch de Nije Hollânske Wetterliny. Ut it suden wei beskermen de grutte rivieren oare linys.

De Hollânske Wetterliny

By de bou fan 'e Ofslútdyk wienen in soad militêren bang dat de ferdediging fan Nederlân yn gefaar komme soe. Fia dizze dyk koe de Festing Hollân nammentlik út it noarden wei oanfallen wurde. Ek makke it Ministearje fan Oarloch him soargen oer de spuislûzen. It ferdedigingswapen fan 'e Nije Hollânske Wetterliny wie it wetter. En wetter is der genôch yn Nederlân.

Mei ûndjip wetter fan 40 cm op it lân koenen minsken, weinen, auto's of hynders net rinne of ride. En it wie te ûndjip foar in boat. It lân koe yn trije wiken ûnder wetter stean troch de slûzen iepen te setten. Op swakke steeën yn 'e ferdedigingsliny stienen forten, kazematten* en wienen der skûlplakken foar militêren.

**Bunker is in Dúts wurd. En de Dútsers wienen de fijân. Dêrom keazen wy foar in oar wurd. De bunkers yn Nederlân waarden ek wol kazematten neamd. Dat komt fan 'casa mater' en betsjut 'hûs foar it deameitsjen fan minsken'.*

Ministearje fan Oarloch

It Ministearje fan Oarloch hâlde de ôfsluting fan 'e Sudersee lang tsjin. By it ynnimmen fan 'e slûzen koe de fijân it lân ek ûnder wetter sette. Dêrom woe de Minister fan Oarloch dat oan beide kanten fan 'e dyk in ferdedigingsliny boud waard.
It Ministearje fan Wettersteat betelle dy út it Suderseefûns. Dêr wie by it Ministearje fan Oarloch gjin jild foar.
By de bou fan 'e kazematten hie de Keninklike Marine de lieding. Dat sjochst oan de sprekbuizen en mobile periskopen dy't derop sitte.



Wûnsstelling



Yn Fryslân waard op it lân flak foar de Ofslútdyk noch gau foar de driigjende oarloch in ekstra ferdediging fan modder en hout boud. Dy hiet de Wûnsstelling. It wie in ferdedigingsliny fan sân kilometer lang dy't fan Makkum fia Wûns nei Surch rûn, in doarpke dat krekt boppe it begjin fan 'e Ofslútdyk leit. Doe't de Dútsers oanfoelen, waard it lân ûnder wetter set, mar de Dútsers namen al gau - op 12 maaie - de Wûnsstelling yn.

Dêrby binne doe achttjin Nederlânske slachtoffers fallen.

De ferdedigingsbou

• De dyk soe eins karsrjocht yn see lein wurde en fan Den Oever nei it Fryske Piaam rinne. Mar de yngenieurs dy't de dyk ûntwurpen ûndersochten de grûn. Dy wie by Piaam te sacht, sadat de skut- en spuislûzen dêr dus net boud wurde koenen. Dêrom waard de dyk nei it noarden ferskood. De dyk rint krom tusken Koarnwertersân en de Fryske kust, sadat de ôfwettering fan 'e Iselmar nei it Waad makliker wurde soe. Dy 'knik' yn 'e dyk hat noch in foardiel. Foar de fijân wie it no dreger om de kazematten te besjitten.

• By Koarnwertersân moasten santjin kazematten mei kanonnen en mitrailleurs komme.
• By Den Oever soenen ek trettjin kazematten boud wurde moatte.
• It brêgedek boppe de spuislûzen moast trije meter dik wurde.
• In draaibrêge wie better as in klapbrêge. In klapbrêge stiet omheech en dêrtroch kinst de fijân minder goed yn 'e gaten hâlde.
• Yn oarlochstiid moasten tsjinstwenten by de Wûnsstelling en by it bekende Hotel-Restaurant 'De Keizer' ôfbrutsen wurde, sadat kanonnen ôfsketten wurde koenen en de mitrailleurs ek frij baan hienen om te sjitten.

Pas dêrnei en fanwegen de wettersneedramp fan 1916 gie de regearing akkoart mei de oanlis fan de Ofslútdyk as ûnderdiel fan 'e Festing Hollân.

Kazematten

Yn maaie 1931 waard begûn mei de bou fan 'e kazematten op it Koarnwertersân en by Den Oever. Troch ûnderfiningen út de Earste Wrâldoarloch waard keazen foar de bou fan in grut oantal ferspraat lizzende kazematten. Op dy manier is de trefkâns lytser.
De kazematten waarden sa stevich boud, dat se swiere besjittingen wjerstean koenen. De bûtenmuorren wienen trije meter dik en de binnenmuorren tusken de ien en de oardel meter dik.

De striid

Yn 'e maaiedagen fan 1940 waard swier fochten. De Nederlânske soldaten wienen al fyftjin moannen op Koarnwertersân legere. Se bliezen de brêge by de slûs op, sadat de Dútsers dêr net oerhinne koenen. Oare parten fan Nederlân waarden troch it Dútse leger yn naam, mar by de Ofslútdyk koenen de Dútsers tsjinhâlden wurde.
By in oanfal op - 13 maaie - kamen de Dútsers hast op achthûndert meter foar de kazematten te stean. Mar doe waard út de kazematten wei en troch marineskippen it fjoer op har iepene en moasten de Dútsers har weromlûke.
Nei fjouwer dagen waard Rotterdam bombardearre en drigen de Dútsers ek Utrecht te bombardearjen. Doe joech Nederlân de striid op. Sa krigen de Dútsers de kazematten en de Ofslútdyk yn hannen.

De Nederlânske soldaten koenen de Dútsers by de Ofslútdyk tsjinhâlde. De Dútsers neamden de dyk dêrom ek wol de 'Totendamm', 'de dyk fan 'e deaden'. Koarnwertersân wie doe de iennige suksesfolle ferdedigingsliny fan Nederlân en bleau it symboal fan ûnfersetlikheid.

Keunst en Kultuer

No kinst op 'e Ofslútdyk fuort by de grutte spuislûzen it Kazemattemuseum Koarnwertersân besykje. Dêr is yn fiif kazematten te sjen hoe't it der yn 1940 útseach. Achter de betonnen muorren fan trije meter dik kinst ûnderfine hoe't it libben fan 'e militêren wie. De sliepplakken binne op 'e nij ynrjochte en de eardere tillefoansintrale docht it wer. Yn 'e keuken waard foar 225 militêren iten sean. Der binne ek wapens te sjen, en in bunker dy't de Dútsers yn 1943 bouden.

FREED, 10 MAAIE 1940 / VRIJDAG, 10 MEI 1940

De Ofslútdyk

De Ofslútdyk oan Fryslâns ich,
In keunstwurk mei wy 't neame.
Dêr hat by 't lytse doarpke Wûns
It jonge bloed fûl streame.
Kolonne nei kolonne foel
En dêr waard foar it wrede doel
Opoff''re by getallen.

De moffen woene oer de dyk,
Mar al wa't woe, waard ek in lyk;
By tûz'nen binn' der fallen.
Sa hat dêr op âld Fryslâns grûn
In grut oantal de dea doe fûn.
De Poep dy hat dêr stryps hân.

Dêrom is no dy Ofslútdyk
Oan bloedige histoarje ryk:
Moardherne fan âld Fryslân.

Sjouke de Zee – 1940

De Afsluitdijk

De Afsluitdijk aan Frieslands oever
Een kunstwerk mogen wij het noemen
Daar heeft bij het kleine dorpje Wons
Het jonge bloed heftig gestroomd
Colonne na colonne viel
Er werd voor het wrede doel
Geofferd met vele getale

De Moffen wilden over de dijk
Maar elk die dat wilde, werd een lijk
Bij duizenden zijn er gevallen
Zo heeft er op de oude Friese grond
Een groot getal toen de dood gevonden
Poep die heeft daar van langs gehad

Daarom is nu de Afsluitdijk
Nu een bloederige historie rijk
Moordplek van oud-Friesland.

Vertaling L. de Vries-Steensma
augustus 2006

Haadstik 4

De nije wrâld

Nij

Wat nij is, fynt altyd bestriding,
Mar it komt net op yn har geast,
Dat it âlde, dêr't se mei dwepe,
*Ienris ek nij wie altea*st.

De Genestet (dichter,1829)

ENKHUIZER COURANT
van VRIJDAG 7 JUNI 1901.
Tweede Blad.

GEWIJZIGD ONTWERP

Lân fan 'e takomst…

Wieringermar

Mei de oanlis fan 'e Wieringermar waard yn 1927 útein set. Troch de honger yn 'e Earste Wrâldoarloch hie Nederlân mear lân nedich en koenen wy net langer wachtsje mei ynpolderjen. Dizze polder is eins net in Iselmarpolder, mar in Suderseepolder omdat by de ynpoldering de Ofslútdyk noch net klear wie. It lân is dus wûn út 'e see.

Yn 1930 wie de polder klear, mar doe koest der net daliks wenje en wurkje. De grûn wie noch sâlt en dêrom woe der mar in bytsje op groeie. Dat sâlt moast der dus earst út. Dat waard fuortspield troch it reinwetter, dat it sâlt út de grûn troch greppels en sleatten ôffierde nei in gemaal. Dêrnei waard in soad gers ynsiedde. Letter waard de grûn as boulân brûkt.

Sleatten en fearten moasten groeven wurde, diken oanlein en doarpen boud. Mei minskekracht en hynders is de polder bewurke, ynrjochte en opboud.

Oan 'e boeren en arbeiders dy't hjir wenje woenen, waarden hege easken steld. Boerinnen moasten tige goede húsfroulju wêze. Ek waard bygelyks nei de tunen sjoen, oft dy der kreas genôch by leinen.

Noardeastpolder

Mei it ôfsluten fan 'e Sudersee wienen de Suderseewurken fansels net klear. De ynpoldering fan 'e Iselmar wie de folgjende stap. De Noardeastpolder waard as earste oanlein. Dat gebeurde yn de Twadde Wrâldoarloch. It wurk gie gewoan troch. Foar in soad minsken hat de Noardeastpolder in ûnderdûkplak west: se koenen har dêr yn it hege reid goed ferside bringe.

De Noardeastpolder wie yn 1942 klear en krekt as de Wieringermarpolder wie dy benammen oanlein foar lânbou. De eardere eilannen Urk en Skoklân waarden yn 'e polder opnommen.

De ynrjochting fan 'e polder waard goed taret. Om te wenjen en te wurkjen waarden pleatsen boud. Mar ek komplete doarpen en stedsjes, mei winkels, skoallen en tsjerken. Alles wie yn 't foar trochtocht, ûntwurpen en berekkene. Elke beam dy't plante waard, elk muorke dat se bouden. Elke meter waard ûntwikkele en útset. Alle doarpen yn 'e Noardeastpolder lizze bygelyks op in healoere fytsen fan 'e stêd Emmeloard ôf. Dat is fan tefoaren ek sa betocht.

Urk en Skoklân

Troch it droechlizzen fan 'e Noardeastpolder is it eilân Urk by it fêstelân lutsen. Mar Urk is altyd in selsstannige gemeente bleaun. De measte Urkers woenen ek fisker bliuwe. Se fisken, krekt as froeger, foaral op 'e Noardsee. Foar Urk wie dit ek in nij begjin. Der kaam in skoalle foar de seefiskfeart en foar fiskferwurking. Mei de skipsbou gie en giet it noch hieltyd tige goed. Urk hat no fyftich fiskferwurkjende bedriuwen, ek foar de bûtenlânske merk.

Skoklân

Skoklân wie foarhinne in eilân dat net heech boppe it wetter útstiek en dêrtroch faak oerstreamde. De bewenners moasten it eilân al yn 1859 ferlitte troch dy oerstreamingen.
It leit no as in 'eilân op it droege' yn 'e Noardeastpolder.
Fan 'e Midsieuwen ôf leinen op Skoklân trije doarpkes. It noardlikste hiet Emmeloard. Nei dat doarp is it tsjintwurdige plak Emmeloard neamd. Op it súdlike part fan Skoklân leinen twa doarpkes: Middelbuurt (of Molenbuurt) en Zuidert (Zuiderbuurt). Op de súdpunt stie in tsjerke en in ljochtbeaken. Dy twa doarpkes waarden tegearre Ens neamd. Even besúdeasten fan Emmeloard leit no it doarp Ens. De namme komt nei alle gedachten fan 'Endesea' dat einesee betsjut.

Lang lyn, foardat de Iselmar bestie, wie der ek al in marregebiet. Doe neamden de Romeinen it hjir al 'Flevo Lacus'. Dêr komt dus de namme 'Flevopolder' wei.

Flevopolder

Yn 1950 waard oan in dyk boud om it stik Iselmar hinne dêr't letter Eastlik Flevolân komme soe. It wurk waard yn 1953 stillein fanwegen de wettersneedramp yn Súd-Nederlân. Alle wurktugen en alle minsken wienen nedich om Seelân en Súd-Hollân wer droech te krijen. Dêrnei koenen de polderwurkers wer fierder en waard ek Súdlik Flevolân ynpoldere.



Fig. 2. Wisselende kustlijnen gedurende de laatste millennia

De polders binne troch minsken makke.
Foar mins, dier, natuer en nije mooglikheden.
Nije ideeën, nij wurk,
nije huzen, stêden en nije kânsen.

Boeren op nij lân

Earst wienen de Noardeastpolder en Eastlik- en Súdlik Flevolân allinne bedoeld foar boeren en lânarbeiders. By de ferdieling fan grûn krigen boeren dy't troch stedsútwreiding, yndustry of oanlis fan wegen har bedriuw kwytrekken foarrang. Der waarden wol easken steld. Boeren moasten troud wêze, Nederlanner en tusken de fiifentweintich en fiifenfyftich jier âld. Se moasten in lânbouoplieding folge hawwe en de froulju moasten har netjes en soarchsum hâlde en drage. Ek moasten se jild hawwe. Doe't dy easken net mear steld waarden, kamen ek oare groepen minsken nei de polder.

Yn 1986 waarden de Noardeastpolder, Eastlik- en Súdlik Flevolân meiïnoar de provinsje Flevolân. Dêr wenje no sa'n 365 tûzen minsken.

Nije stêden

Nei de Twadde Wrâldoarloch waard troch deskundigen foarsein dat ús lân yn it jier 2000 wol 21 miljoen ynwenners hawwe soe. Nederlân hie net genôch romte om al dy nije minsken in hûs te jaan. Dêrom naam de regearing it beslút om yn Flevolân nije stêden te bouwen. Dat waard Lelystêd yn Eastlik Flevolân, ferneamd nei yngenieur Lely, de betinker fan 'e plannen, en Almere in Súdlik Flevolân.

Yn 1967 kamen de earste bewenners yn Lelystêd. Dy kamen út alle dielen fan Nederlân. Doe wie de stêd noch lang net ôf. Lelystêd wie noch in grutte modderflakte mei in pear huzen derop. Mar de stêd groeide hurd en hat no 72 tûzen ynwenners.

Almere is de oare grutte polderstêd. De namme 'Almere' stammet út de Midsieuwen; it is in âlde namme foar Sudersee. De earste bewenners kamen yn 1976. Yn Súdlik Flevolân kaam in soad yndustry. Lânbou waard hjir wat minder belangryk. Almere groeide noch folle hurder as Lelystêd en hat no mear as 180 tûzen ynwenners en wurdt yn 'e takomst miskien wol grutter as de stêd Utrecht.

Rekreaasje en natuer

De iepenloftrekreaasje en de natuer binne yn Flevolân hieltyd belangriker wurden. In protte minsken hawwe in soad plezier fan 'e rânemarren en strannen by de dyk lâns. Dy rânemarren binne belangryk foar de wettersport en foarmje in ferbining foar de plezierfeart tusken Hollân en Fryslân. Ek binne jachthavens oanlein. Yn 'e polders binne bosken mei fivers, fyts- en kuierpaden en kampearterreinen kommen. En do kinst dêr ek nei museums en attraksjeparken ta.

Bysûnder binne dêr de natuergebieten. Dat heart ek by de ynrjochting fan in polder. Yn dy natuerparken of natuerbosken kinne planten en dieren ûnbehindere libje en groeie. Der binne bygelyks plakken foar ferskillende soarten fûgels, lykas greide- en moerasfûgels. Op it boerelân binne in soad rôffûgels en guozzen te finen. En it Natuerpark Lelystêd hâldt bisten dy't net mear yn it wyld foar komme, mar earder wol yn 'e lege lannen libben. Dat binne elanden, rindieren of przewalskihynders.

Przewalskihynders

(probearje dat mar ris út te sprekken….)

Lânskipskeunst

Yn Flevolân is in soad romte foar keunst yn it lânskip. Lânskipskeunst wurdt yn 'e frije natuer oanlein. Mei grûn, wetter en sân grypt de keunstner yn it lânskip yn.

''Wat dizze wurken noch in ekstra diminsje jout, is it feit dat se steane yn in oar, grut keunstwurk, al is dat dan in wat oare betsjutting fan it wurd 'keunst'.

Ek de bosken, puollen en strânen en sels de natuergebieten yn Flevolân binne troch minskehannen makke...[…].'' emeritus heechlearaar Evert van Uitert, yn 'Kunstschrift' 4/2003

Der binne in protte projekten, lykas it Observatorium fan 'e Amerikaanske lânskipskeunstner Robert Morris. Ek kinst de Aardzee fan Piet Slegers en de Groene Kathedraal fan Marinus Boezem bewûnderje.

Yn Seewolde is in Keunstbaan kommen. Dat is in keunstrûte fan sân kilometer lang. By dy rûte lâns stean keunstwurken dy't de oergong fan lân nei wetter sjen litte. Der binne keunstwurken fan ferneamde lânskipskeunstners lykas Richard Serra, Jan van de Pavert en Carel Visser.

Polderland

Ik loop door 't polderland
Onder den hellen regen;
Oneindig is het land,
Oneindig zijn de wegen,

Die naar de kimmen gaan;
In lage hemelstreken
Heerscht tusschen zwarte kreken
Het mistig licht der maan.

O, dertigstroomenland,
Het volk dat u bewoont
Versombert in krakeelen
Die geld en God verdeelen,
Purper en doornenkroon.

Oneindig is het land,
Oneindig zijn de wegen
Die naar de kimmen gaan;
Ik loop den morgen tegen
In 't mistig licht der maan.

H. Marsman

Haadstik 5



De Ofslútdyk en de takomst

Stêdebouwers dreamden fan tûzenen wenten yn in fantastysk natuergebiet. Natuerminsken ûntdieken seekoal op 'e dyk. In seldsume kustplant en miskien in nije griente? Rykswettersteat sil nije spuislûzen yn 'e dyk bouwe omdat it klimaat feroaret en de seespegel omheech giet. Bouwe wy oan in swiet-sâlt ûnderwetter krachtsintrale, in wetterstêd yn 'e Iselmar of sette wy de Ofslútdyk fol mei wynmûnen en sinnepanielen?

Takomst foarsizze

It is fansels dreech om de takomst te foarsizzen. Mar wy witte wol dat it klimaat feroaret. It wurdt waarmer, it reint faker en hurder, en it wetter komt hieltyd mear omheech. Foar ús feiligens moat de Ofslútdyk fan 7,5 meter nei 10 meter boppe NAP. Dêr is Rykswettersteat mei te set.

In oare taak fan Rykswettersteat is it wetterbehear. Dêr heart ek by dat der mear spuislûzen yn 'e Ofslútdyk komme moatte om te soargjen dat wy wer mear wetter kwyt kinne as dat nedich is.

As wy it oer de takomst fan 'e Ofslútdyk hawwe, giet it oer it hiele Iselmargebiet. Dat hat swiet wetter, belangryk en nedich foar ús drinkwetter.

Swiet wetter

De Iselmar is in belangrike swietwetterfoarrie foar Nederlân. Yn droege perioaden kin wetter nei de omlizzende gebieten slûsd wurde, bygelyks foar de lânbou. De Iselmar hat ek natuerfunksjes: it wetter is wichtich foar in soad fûgel- en fisksoarten. Foar sommige fisksoarten dy't fan swiet nei sâlt wetter trekke, of oarsom, is de Ofslútdyk in drege hindernis.

By it behear fan it wetterpeil en by nije projekten hâldt Rykswettersteat rekken mei al dy saken. It is bygelyks de bedoeling om tagelyk mei de ekstra spuislûzen in fiskpassaazje te meitsjen. Dêr kinne fisken har makliker tusken sâlt en swiet wetter ferpleatse.

De Iselmar is in bysûnder natuergebiet. Der binne bisten en planten ûntstien, dy't yn it sâlte wetter fan it Waad of yn it swiete wetter fan 'e Iselmar libje. It wetter moat dan wol fan goede kwaliteit wêze en bliuwe. Dat is ek in ûnderdiel fan it wetterbehear.

Der binne in soad ideeën om mear mei de Ofslútdyk te dwaan. Dizze belangrike ferbining tusken Noard-Hollân en Fryslân lûkt in protte toeristen. Dy kinne bygelyks langer fan 'e Ofslútdyk genietsje as se dêr plak ha om te sitten, om har hinne sjen kinne, farre of sliepe kinne.

Romte

Rykswettersteat hat in plan dêr't yn beskreaun stiet dat der mear romte foar natuer, minsken en wetter komme moat. Ek wurdt sjoen nei de ekonomy en it wurk wat de minsken op en om de Iselmar dogge.

It is belangryk dat wy hieltyd wer fan 'e Iselmar genietsje kinne.

Fan 'e hoarizon, de iepenheid, rêst en romte.
Fan it wetter, de wyn, bisten en planten.
Fan 'e kultuer, de Suderseeskiednis, de slûzen, skippen, fiskerij, technyk en wettersport.

De iepenheid fan it lânskip om de Ofslútdyk hinne moat sa folle mooglik bestean bliuwe. Feroaringen of nije plannen moatte dêryn passe.

De Markerwaard

In âld plan fan Lely, dêr't hieltyd wer yn 'e regearing oer praat wurdt, is de Markerwaard. Fan 1963 oant 1975 waard in dyk oanlein fan Inkhuzen nei Lelystêd. Dy dyk wie bedoeld as eastgrins fan 'e grutste Iselmarpolder, de Markerwaard. De ynpoldering waard hieltyd útsteld omdat oare polders foarrang krigen.

Nei it droechmeitsjen fan Súdlik Flevolân soe it dan einlings heve. Faak wie it beslút nommen om te begjinnen mei de ynpoldering fan de Markerwaard. De plannen leinen der al en de Markerwaard soe yn 1980 klear wêze. Mar in soad minsken wienen op de plannen tsjin. Dy woenen de Iselmar sa litte, fanwegen de natuer. Ek wie de ynpoldering fan 'e Markermar fierste djoer. Yn 'e jierren tachtich naam de regearing it beslút dat de Markerwaard der net komme soe.

De Iselmar, de Markermar en de rânemarren (de marren om Flevolân hinne) binne hieltyd belangriker foar de plezierfeart wurden. En ek de beropsfeart makke in soad gebrûk fan it wetter. Mar de plannen om fan 'e Markermar in polder te meitsjen besteane noch altyd. Op 't heden wurdt besjoen oft in part fan 'e Markermar droech makke wurde kin, foar bygelyks in twadde lofthaven.

Wylde ideeën

Der binne al in protte plannen betocht om mear mei de Ofslútdyk en de Iselmar te dwaan. Oangeande it toerisme, wenjen op- of ôfbrekken fan de Ofslútdyk. Dochs in spoarline of sinnepanielen en wynmûnen op 'e dyk?

Sinne en wyn

Op 'e dyk stiet in soad wyn, der is folop sinne en wetter. Undersocht wurdt hoe't wy dat goed brûke kinne. Wynmûnen kinne foar gâns enerzjy soargje. Mar natuerminsken binne dêr op tsjin. "De Iselmar is in beskerme fûgeltrekgebiet. Fûgels soenen har te pletter fleane tsjin dy mûnen. En dy iepenheid fan 'e dyk yn it lânskip, dêr moatte je neat oan feroarje wolle."

Undersikers wurkje oan in plan om de dyk hielendal te bedekken mei sinnepanielen. Dêrby moat goed nei de feiligens sjoen wurde. De refleksje fan de sinne op de panielen kin bygelyks hiel ferfelend foar it ferkear wêze.
Ek wurdt op de dyk mei masines in proef dien mei it ferrin fan it tij. Troch gebrûk te meitsjen fan eb en floed kinne sokke masines genôch stroom leverje foar in pear hûndert húshâldings.

Wubbo Ockels, de âld-astronaut en no professor oan 'e universiteit, hat betocht om hege ljeddermûnen del te setten. Troch dy ljeddermûnen kinne je mear wyn fange foar mear enerzjy.

Wenje op de Ofslútdyk

Der is ek in plan om de Ofslútdyk fol mei huzen te bouwen. Der soe plak wêze foar tsien- oant trijetûzen wenten.

"Minsken kinne dêr prachtich moai wenje op 'e grins fan see en Iselmar, mei in eigen boat foar de doar. En de ôfstân tusken Fryslân en Hollân wurdt sa folle lytser."

Wy kinne ek in hiele stêd yn 'e Iselmar bouwe. Of in grut rekreaasjegebiet oanlizze yn en om de Iselmar hinne, mei tûzenen bungalows, apparteminten en hotels.



Beskerming

As wy wenje wolle op of achter de Ofslútdyk moatte wy wol om it klimaat tinke. It wetter komt hieltyd heger te stean. Rykswettersteat is oan it neitinken oer ekstra beskerming. Dan wurdt bygelyks de kustline op nei see ferpleatst en ûntstiet der in 'earstelijnsferdediging', by de Waadeilannen. En dêrnei in dunerige as 'twaddelijnsferdediging' by de Ofslútdyk.





Ofbrekken Ofslútdyk

It wetter yn 'e Iselmar wurdt hieltyd minder. Der binne stadich oan minder fisken en fûgels. Deskundigen sizze dat it foar it wetter en de natuer better wêze soe as der mear sâlt wetter yn 'e Iselmar komme soe. Mar wy kinne de Ofslútdyk net ôfbrekke. Of wol? Der bestiet in plan om iepeningen yn 'e Ofslútdyk te meitsjen sadat sâlt wetter út it Waad de (swiete) Iselmar ynstreame kin. It wetter yn 'e Iselmar wurdt dêrtroch stadichoan sâlter en der is wer eb en floed. Dat is ek goed foar it libben yn it wetter. Sokke iepeningen yn 'e dyk kinne ticht by heech wetter.

Spoarline

Sommige minsken yn it Noarden fan Nederlân wolle graach dat der in spoarline oer de Ofslútdyk oanlein wurdt. Lely hie dat ek yn syn plan opnommen, mar it wie te djoer. Sa'n spoarline soe goed foar de ekonomy fan Fryslân wêze. Sa kin maklik guod ferfierd wurde. Foar in soad minsken is reizgjen mei de trein in flugge manier om fan Fryslân nei Noard-Hollân te gean. En toeristen kinne mei de trein noch makliker nei Fryslân en de Waadeilannen.

Navidukt

Rykswettersteat docht ûndersyk nei oplossingen yn 'e takomst foar ferskillende funksjes fan 'e Ofslútdyk. Sa as in goede trochstreaming fan wei- en wetterferkear. Een navidukt is miskien in idee. Een navidukt is in slûs dy't oer in dyk boud is. De autowei A7 wurdt dan ûnder de skutslûs troch lein.



Toerisme Ofslútdyk

In protte bûtenlânske besikers sjogge de Ofslútdyk as it symboal fan de Nederlânske striid tsjin it wetter. De besiker fan 'e Ofslútdyk moat mear ynformaasje krije.
By it monumint op 'e dyk binne in pear ynformaasjebuorden dy't ferbettere wurde kinne. In oare mooglikheid is in besikerssintrum mei in kafee.

Neffens ûndersikers binne der noch mear toeristyske aktiviteiten mooglik, lykas rûnfearten oer de Iselmar en it Waad. Op de eardere wurkeilannen Breesândyk en Koarnwertersân soe it ferhaal oer it libben op 'e dyk ferteld wurde kinne. En foar fytsers soe oan 'e Waadkant in fytspaad oanlein wurde kinne.

Ek de nije spuislûzen binne yn 'e takomst nijsgjirrich foar in soad toeristen. En ast kampeare wolst kinst yn 'e buert by Koarnwertersân mei de kamper stean.
Op 'e Ofslútdyk kinst miskien ek mear evenemin-ten organisearje, lykas alle jierren in maraton, rinnend of mei de fyts. Yn augustus 2006 wie de Ofslútdyk hielendal frij makke foar de Formule 1 racewein. Dat wie hiel bysûnder, spesjaal foar in aksje foar sike bern. Koest de wein fan tichtby sjen en de razende rit folgje.

Keunst yn it lânskip

Dy iepenheid fan it lânskip fan 'e polders en de Ofslútdyk ynspirearre gâns keunstners. Wat tochst fan in keunstrûte oer de Ofslútdyk yn en om de Iselmar hinne? De Provinsje Flevolân hat by elk skipswrak yn 'e boaiem in peal set.

De Gemeente Almere sil keunstwurken yn it lânskip by acht skipswrakken delsette. Sa kinst sjen wêr't skippen dy't yn 'e Sudersee fergien binne, fûn waarden.

Yn it Iselmargebiet lizze noch folle mear wrakken fan skippen, en ek fan fleantugen. Troch de keunstwurken kinst mear te witten komme oer de skiednis fan it nije lân.

De Afsluitdijk.....

Kaarsrechte lijn dwars door de zeeën.
Verbinding, maar bescherming meer
tegen de vloed en hoge golven
75 jaar lang, zo keer op keer.

Technische hoogstand in zijn kunde
verkondigt hij daar Neerlands trots
Door Lely's inzicht ooit ontworpen.
Branding beschermend als een rots.

Een wereldwonder, als men kijkend
die lange jaren terug bereikt.
Nu nog steeds bruikbaar en toereikend.
Straks voor de toekomst hoger bedijkt.

Wij zijn het maar gewoon gaan vinden
een route dwars door zee en meer.
De deltawerken, daar in Zeeland.
De buitenstaander brengt hen eer.

Toch zijn wij in dit kleine landje
trots op wat eens is gepresteerd.
Een landje uit de zee verrezen
dat eeuwen lang zich heeft geweerd.

Teun Hoek